

## Psalm CXXX.

1. Ut djipten, leed en smerten  
Dér 'k rēd omlegens driuw  
Binypt, forsein fen herten  
Kermje ik o Heare oan Jo !  
O harkje nei myn stimme  
Forlos my fen myn lēst  
Lit m' út dit ûnleech klimme  
En jow myn siele rēst !
2. As J' op ús sünden scoenen  
Straf jaen, 't rjuchtfeardich lean,  
En gjin genade woonen  
Den koe gjin minsk bisteant !  
Mar lokkich jy forjowe  
Tinke oan ús skuld net mear,  
Wy moatte op Jo bitrouwe  
En J' altyd freezje, o Hear !
3. Ik maei myn Hear forwachtsje  
Al falt my 'tlijen hird,  
'k Maei op Syn goedens achtsje  
'k Hoopje op 't my tasein wird !  
Waerd sels myn tastân slimmer  
'k Wit noch : dér kin 'k op oan !  
Myn siele wachtet jimmer  
Lyk wachters op de moarn !
4. Hoopje op jimm' Heare, frommen  
O Isrel, hâld dôchs moed !  
Forlossing stiet to kommen  
Us God is einleas goed.  
Hy scil Syn folk forlosse  
Fen alle sûnde en kwea  
En op syn Isrel passe  
Yn, troch en oer de dea !

A. WYBENGA.

## Eat oer forfryskjen

Troch elts folk wirdt yn syn tael syn inerlike fieling werjown, elts folk hat syn sjenswizen, aparte sizwizen en aparte byldspreek. Bringt men nou in stik fen de iene tael yn de oare oer, den makket men it goed, det earst ien folk bisiet ta mienskiplik eigendom.

Sa kin 'tek goed wêze om it moajje út in oare tael yn uzes oer to bringen. Wol men hjirmei op ús kriteforgarrings bigjinne, den scil 't oan to rieden wêze, earst hwet in maklik stikje to nimmen, en letter as men aerrich bislein op 'tiis komme kin, yen oan hwet swider stikken to weagjen. Foral it forgelykjen is tige tsjinstich om yen op suverens út to lizzen.

By oersetten moat men mei beide talen op 'e hichte wêze. Mar det net allinne. Men moat yn 'e rekken hâlde, det de worden de klean binne, der de tinsbylden mei optoaid wirde. Dêrom kinne wy net alhielendal wirdelik oersette, hwent it útlânske tinsbyld sùnder mear wer to jaen, is safolle as gjin suver Frysk to leverjen. Nim it tinsbyld en doch, mei in Fryske wize fen sizzen, it de Fryske dracht oan.

Ticht by de tekst to bliuwen is goed, mar it Frysk mei der net om skânseare wirde. En det maei foral net forgotten wirde. It aparte fen ús tael maei der net ûnder lije, oars reitsje wy mei ús forfryskerij fen 'e wâl of yn 'e sleat.

By 't forfryskjen scil men (tominsten as men in gewoan stikje ûnder hânnen hat) merke det yn 'e oare tael gauris dingen steane, dy insliks in bytsje om 'e hakken hawwe. Sokke worden en sims ek hiele rigels kinne mei skik weilitten wirde. It smiten mei holle worden kin nea net folle fortier jaen. Sa wolle wy oanstjûre op ús wyt: hwet goeds yn eigen tael, en it bêste op 't moaist út ús búrljues.

Faek scil men tinke: mar leau ik dôchs det ús tael earem is, for *det* wird kin ik net in goed Frysken-iен fine, mar prebearje dér tsjin oer ek mar ris in Frysk stikje yn 't Nederlânsk oer to bringen, en den stiet it sa: for ús wize fen sizzen is net wirdelik in Nederlânsken to finen. Wy hoege dêrom yet net oan taelearmoed to leauwen. Yn dit opsiicht stiet ek ús tael mei d'oaren lyk.

A. WYBENGA.

bitsjutte woe en hwerom hja sa fleurich wieren. En dizze sei tsjin him: „Dyn broer is kommen en nou jowt dyn heit in feest, omdat hy soun en wol wer thús kommen is.“ Do waerd de áldste soan lielts en woe net yn 'e hûs gean. En as boer Halbe frege hwer oft er bleau en de reden hearde hwerom eft er net yn 'e hûs komme woe, gong er nei him ta en sei him: „Och, kom nou dochs. Age is ommers dyn broer en jimme binne mar togearre.“ Mar hy andere: „Sjuch, heit, ik tsjinje jo nou sa lange jierren, en ik ha nea oars dien dan jy my hjitten habbe, en om my hat yet nea bliidskip wést. My is yet nea hwet jown, dat ik myn frjeonen ris by my forsiikje koe om 'ris froalik to wêzen. Mar nou 't Age wer thús komt, dy 't syn goed mei hoerren fordien hat, habbe jou alles byienroppen en alles byienbrocht en wirdt er mar opdist fen 't allerbête. Dat kin ik net goed krije, heit.“ En âlde boer Halbe skodholle. En hy sei mei séft en triljend lûd: „Bern, dû bist ommers altyd by my en al hwet minnes is, dat is dines ek. Me' hearde dos froalik en bliid to wêzen: hwent dyn broer wier dea en is wer libben warden, en hy wier forlern en is wer foun.“ Efkes stie de áldste soan fen boer Halbe stil en tocht nei. En dan sei er tsjin d' áldman: „Ja heit, kom mar mei. Wy geane yn 'e hûs hwent it is wier.“ En ek hy wier bliid mei al de oaren en die mei yn 't feest. T. W. SYTSTRA.

## U s B i b e l .

Wize: Wij geven het niet over.

Wy scille jimmer leauwe  
 t Wird fen ús ljeave Heit,  
 Ho ek de tiidgeast ófbrekt,  
 Hwet wittenskip ek seit,  
 Al smyt' yn dryste oerdwealskens,  
 Miljoenen det ek wei,  
 Wy scille it jimmer leauwe  
 En bin der lokkich mei.

Us God is net forside  
 Al sjugge wy Him net,  
 Syn kostlike iepenbierung  
 Jowt ús Syn wird en wet.  
 Hy hat yn ryk üntfermjen,  
 Oan 't fallen minskdom tocht;

Syn wird jowt nocht en wille,  
 Syn wet is sillich ljocht.  
 't Wird sprekt fen flok op 't kweadwaen,  
 Mar ek fen 't Hillich Laem,  
 Det yn Syn ierdske lijen,  
 Us lijen op Him naem.  
 As wy yn Jezus leauwe,  
 Bin wy forlost fen 't kwea ;  
 Den kin wy lokkich libje,  
 En libje ek nei de dea.  
 Der minsken worden moatte  
 Al linkendwei forgean,  
 Mar 't wird fen God, sa krêftich  
 Seil d' ieuwen troch bisteant.  
 It is de skat der skatten  
 For d' earme minskebern,  
 En lit ús nei dit striden,  
 De rike Himmel sjen.

A. WYBENGA.

### Jountiidsdauwe.

Wize: Ginds bij den ouden molen.

Ik sjuch it sintsje yn 't westen,  
 't Stiet amper op 'e groun,  
 't Is stil nou om my hinne,  
 't Is fredich fier yn 't roun !      } *twaris.*

Ik sjuch in wite wasem,  
 Opwalmjen oer it lân,  
 Der groeit in wite tekken,  
 Dy wint al oan en oan.      } *twaris.*

En 't sily'ren moantsje riizt nou  
 Hjar strieltsjes dogg' sa'n war,  
 En 't noflik stjerreflonkrijen  
 Driuwt oer de dauwemar.      } *twaris.*

De ierde en de himmel sjugge  
 Eltsoarren nochlik oan,  
 Skjin is de dauwewitens,  
 Skjin-blau Gods himmeltroan.      } *twaris.*

O, moai binn' dauweweagen  
 As ûnbismoarge snie.  
 O 'k woe wol det myn herte,  
 Sa eptich skjin ek wie !      } *twaris.*

A. WYBENGA.

## Boekskôging.

---

**Loddespitten.** Earnstige en koartswilige foardrachten en fersen fen A. Wybenga, mei libbensskets fen Dr. G. A. Wumkes, útjown by A. J. Osinga to Snits, priis f 0.60.

**Maitiidsgrien** fen A. J. Wybenga, mei in foarwird fen O. H. Sytstra, útjown by Meyer en Schaafsma to Ljouwert, priis f 0.80.

Ho kin 't sa raer, dêr forskynt op ien stuit it bigjimmerswirk fen twa jonge Fryske dichters, dy 't hjar beide Wybenga skriuwe en dochs sa fier út ienoar rinne.

**Loddespitten** wol ik hîj allinnich oankondigje. Ik haw der as foarwird de libbensskets fen de Nijwierster genicker ynskreaun. Ik hoopje dat foaral de jongerein dit boekje keapje mei. It hat hjarren hwet to sizzen.

**Maitiidsgrien** hat my in noflik healûrke bisoarge. Dit is ienfâldige, kleare poësye. Hîj wirde bisongen de dauwe dy 't út de sleatten oer it waerme lân skout, de spokeblommen dy 't hjarren slingerje om de wyljenbeam, Warten it doarpke yn 't wetterlân en de âlde Fryske kenings. Dizze dichter hat syn lân ljeaf en syn tael yn 'e macht. Lit er sa trochgean, dan folgje ripe summerfruchten. Ien ding moeit my. Ik hear yn syn boekje nearne dy djippe psalmtoan: „Heare ho great binne Jins wirken,” dy 't my by Gysbert om tsjinrûzet.

W.

---

## P s a l m C III.

---

Lofsjong myn siel! lofsjong nou bliid to moede  
Dyn Heare God, de Skepper fen al 't goede;

Syn Namme moat dyn lof en eare ha'!

Sjong loovje Him, dy 't altyd om dy tochte  
Forxit it net, hwet woldied Hy dy brochte,

Him komt dyn tank en hiel dyn libjen ta!

Sjong, loovje God, Dy nei dyn kwea net dwaen woe,  
Dyn sünden en dyn unrjucht dy forjaen woe,

Dyn syktmen wit, fol ljeafde dy genest,

It near fordjer hat Hy for dy bistreden,

Hy kroande dy mei Syn barmhertichheden,

Dû fynst yn Syn goedginstigens dyn rêt.

Sjong, loovje God, Dy 't wit honear as 't hongerst,  
 Dy sêddet mei Syn goed, as 't nei Him longerst,  
 Dyn jonkheit as dy fen in earn fornijt !  
 De Hear docht rjucht, wit, hillich yn Syn rjuchtsjen  
 De rjuchtsaek der fordrukten to bisljuchtsjen,  
 Hy jowt, det nea des fijans wirk bidijt.

Hy wist alear Syn folk út slavetsjinst to lieden,  
 Liet Isrel sjen Syn greatheit en Syn dieden ;  
 Joech Moazes for Syn folk Syn hillg'e wet ;  
 Barmhertich en genadich is de Heare,  
 Langmoedich kin Hy faek ús kwea forneare,  
 Syn ginst is great, oereagje kin wy 't net.

Hy scil syn folk net jimmer swier kastije  
 Net ivich scil wy fen Syn grime lije,  
 Wiis hat Hy oan Syn lilkens parken set,  
 Hy docht ús nea nei 't kwea det wy bidreauwnen  
 Ho faek we ek fier fen ienichst heilpaed bleauwnen  
 Hy straffet wol, mar nei ús kweadwaen net.

Sa heech it swirk opriizget boppe d' ierde  
 Sa swiid wol Hy Syn ginst Syn tsjinders biede,  
 Hy is, oan dy Him freezje, jimmer nei ;  
 Sa fier it West ôfwiket fen it Easten  
 Sa fier docht Hy, ús siel ta lok en treaste  
 D' oertrêddings en de sünden fen ús wei.

Lyk as in heit him oer syn bern ûntfermet  
 Det yn 'e need ta him om útkomst kermet  
 Sa is ek God mei dy Him freez' bigien.  
 Hy sjucht ús troch, wit hwêr 't wy binn' fendenne  
 Ho swak fen moed, ho lyts fen kréft wy binne :  
 In hânfol tsjéf, út stof en slyk ûntstien.

De dagen fen de minske op ierde binne  
 Allyk oan 't gjêrs, oan blomkes op 'e finne :  
 Hy bloeit wol moai, mar bliuwt trochhinne tear,  
 Honear de wyn oer 't pronkjend ierdryk bilet  
 Forslynt syn pracht; it bloeijendt roaske wilet  
 En siigt der del, nea ken hjars plak hjar mear !  
 Mar 's Hearen ginst bistiet troch d' ieuwen hinne  
 Oer hjarren dy Him troulik freezjend binne,

Hy wol Syn rjucht oan fiere bernsbern jaen,  
 Oan sokken dy Syn boun net dryst forlitte  
 Dy bliid to moed fêst tinke oan 't Godlik hjitten  
 Om Goades wet mei 't hiele hert to dwaen.

Us Heare hat heech boppe it stof Syn troane  
 Syn macht is great, yn 't himmelryk bikroane ;  
 It Godlik ryk hat oer elk ding biwâld.  
 Sjong, loovje God, jim Inglen, dy Him tsjinje  
 Jim helten dy 't yn 't Hillich Hege wenje  
 Gods antlit sjugge en trou Syn wirden hâld' !

Sjong, loovje God fen herten alle dagen  
 Jim tsjimmers dy froed dogg' Syn wolbihagen,  
 Troch 't himmelroun wjerklinke in bliere sang !  
 Al 't skepsel sjonge aloan ta Goades eare  
 Hiel 'd ierde wêze ien lofliet for de Heare,  
 Ek dû myn siel lofsjong' Him libbenslang !

A. WYBENGA.

## Daniel by de liuwen.

„O Kening, wy búigje ús hjir del foar Jou troan,  
 Wy fiele hwet wjirmkes wy binne !  
 Ho sieret Jou holle de heurlikste kroan,  
 O libje troch d' ivichheit hinne !

Hwet binne Jy great, oan 'e Goaden allyk  
 Dy heech by it stjirreryk wenje ;  
 Wy witte ús Jou tsjinders, dy tins is ús ryk  
 O lit ús Jo ivichlik tsjinje !

Oan Jo ús to jaen, is it ljeaflikste necht  
 Us mear as sardonix yn wearde,  
 We oanbidde Jo, lyk men it Goadendom docht ;  
 Det elk Jo sa ynluk ek earde !

Jow dérom bifel, det gjinien yn Jou ryk  
 Yn 't neistkommend trichtal dagen  
 It weaget, oan God of oan minske in forsik  
 Den inkeld oan Jo, foar to dragen.

Dy 't hjir net nei docht, foar de liuwen mei him !  
 Hwêrom tsjin Jou macht him to setten ?  
 Dit mei net wer oars, it gebod hâldt syn klim  
 Nei Mediske en Persiske wetten !'

De flaeijerts sjuch noeg'jend Syn Majesteit oan.  
 It keninklik hert stiet yn flamme  
 En mei in fen heechmoedens skodzjende hân  
 Bikrêftigt hy 't stik mei syn namme.

\* \*

Yn syn went mei sielesuchtsjen

Knibbelt Daniël,  
 Heger den Darius warden  
 Stiet him 't Godsbifel,  
 Scoe hy fen syn Hear net witte  
 Yn it frjemde lân ?  
 Hy Jeruzalim forjitte  
 Earder as syn rjuchterhân ?

„God, o God ! wy bin fol sûnden,  
 Unrjucht haw wy dien ;  
 Goddeleaslik hat ús foarteam  
 Yn Jou wei net stien !  
 Dûbeld wîrdich bin we al 't lijen  
 Yn Jou wet biskreaun ;  
 Jo bin jimmer yn 't kastijen  
 Binlik, rjucht en Godlik bleaun !

Heare, nei Jou greate ginsten  
 Harkje nei myn stim :  
 Kear Jou lilkens, kear Jou grime ôf  
 Bou Jeruzalim !  
 Lit oan ús Jou antlit skine  
 Lyk yn 't blide alear,  
 Wol ús wer oan Jo forbine  
 Om Jou eigen Namme o Hear !

Net om ús gerjuchtichheden,  
 Dy binn' suver neat,  
 Mar wy pleitsje op Jou genade  
 Op Jou ginst sa great ;

Harkje o Heare en sjuch Jou lân oan  
 Fier ús út it nau,  
 Bied Jou folk Jou sterke hân oan  
 Om Jou eigensels : forjow.

Jy witte ek myns fijans wrotten  
 Mei it kwea-gebod,  
 Stypje my om ivich Jo to  
 Tsjinjen as myn God  
 Lit my nea Jou wet forlitte  
 -- 't Wier my sieleskea ! —  
 Wol, myn Steun ! my net forjitte,  
 Dan gean 'k moedich yn 'e dea !"

\* \*

„O, Kening, ús, greate, sa machtige God !  
 Ho trillet ús herte fen pine !  
 Foarst Daniël doarste Jou eabelst gebod  
 Fortraepje, Jou heilswet ûntwine.

D' ondogense, -- heech hat Jou hân him hjir set ! --  
 Forspuit Jo, o Foarst fen 'e Goaden !  
 Doch trijeris deis yn syn seale in gebet  
 En det oan 'e God fen 'e Joaden !"

De Kening wirdt kjel, *nou* bigrypt er de list !  
 Mar is den syn frjeon net to sparjen ?  
 Hy siket nei 'n útwei, mar hopeleas is 't  
 Dêr stean de skarlunen to narjen :

„O Kening ! hwet Jo ûnderteikenen, heart  
 Nei 't Mediske rjucht sa to bliuwen !  
 Dos sparje de heechsteande wetbrekker net  
 Mar smyt him op 't gaust foar de liuwen.”

Dêr bring' hja de hillge, hy swymket nin byt,  
 Wylst d' eagen fen Godsfrucht wjerspeeglige,  
 Hy 's moedich, skien s' ek foar de liuwen him smyt'  
 De sark mei hjars ringen forseeglige.

\* \*

Yn 't paleis op elpen bêdsté  
 Woelt Darius om :  
 „Hwet wie 'k, mei nei hjar to harkjen  
 Alderheislikst dom !  
 Hy, dy 't ik oer alles sette  
 Stie det folk to heech  
 Dêrom moast myn trouste tsjinder  
 Deltreaun yn it leech !  
 Wei musyk en feestgesangen,  
 Iten, drinken, wei !  
 Noait net hie 'k yn myn regearjen  
 Sa trochminne dei ?”  
 — 't Komt fen d' eigen heechmoed, --- lûstert  
 Him 't gewisse ta ;  
 En gjin wink komt yn syn eagen  
 't Herte slacht him sa.  
 Mei 't de dage yn 't Easten rizet  
 Stiet de Kening op,  
 By de kûle fen 'e liuwen  
 Klinkt syn drôf gerop :  
 „Daniël, jy trouwe tsjinder  
 Fen 'e libbne God !  
 Koe de God dy jy forearje  
 Helpe yn 't aeklik lot ?”  
 O ho trillet him 't herte  
 Nou 't er 't klear forstiet :  
 „Libje yn ivichheit, o Kening,  
 Ja ik libje yet !  
 God Jehova hat Syn Ingel  
 My, Syn tsjinsteint, jown  
 En gjin liuw is my tonei kaem  
 Hwent hjars grime is boun.  
 Jimmer socht ik God to tsjinjen  
 Mei myn hiele hert,  
 Mar 'k misdie tsjin Jo, myn Kening  
 Ek yn 't minste net !”  
 Kening liet de flaeijerts komme :  
 „Hjir is nou jimm thûs !”  
 En ear 't s' op 'e boajiem foelen  
 Wiernen s' al yn grûs.  
 \* \* \*

„Darius de Kening fen 't Persiske ryk  
 Oan alle de folken en tongen :  
 Jimm' frede sjij ivich de stjirren allyk  
 Jimm heil fen gjin lijjen forkrongen !  
 Oan jim myn bifel, ûnforoarber gebod :  
 Sa fier dit myn Keninkryk stribbet  
 Elk sidderje en beve for Daniëls God  
 De Foarst, Dy 't yn ivichheit libbet !  
 Nim alles op ierde mei gauwens de wyk  
 Moat greatheit en machtigens skiede,  
 Dy God bliuwt bistendich en ivich Syn ryk  
 Hy hearsket oer himmel en ierde.  
 Hy redt en forlost ; dy 't Him oanropt yn need  
 Is vrij fen yn 't lijjen to bliuwen  
 Syn sterkeins is einleas, Hy holp Syn profeet,  
 Forlamme 't geweld fen de liuwen.”  
 A. WYBENGA.

## Ho 't Fetse Fetsje foun.

Hwet like, feint fen achttjin jier  
 Dat fanke my dôchs gol en blier !  
 'k Tocht : Fetse, hwêrom pakst' net ta ?  
 Dû moatst dôchs ek in Fetsje ha !

Ik ha der dei en nacht oer tocht.  
 Ik frege hjar by stjirreljocht ;  
 Mar 't fanke wier opslach biret,  
 Sei : „Fetse né, 'k bin Fetsje net !”

Ik hope : dêr 's hwet koalsop by !  
 Ik weage it frecgjen op in nij  
 Mar wer skonk sy de selde thé :  
 „Myn ienkear né is jimmer né !”

Hwet mjelde my de holle do :  
 Ho 't famke dôchs sa damsteech, ho ?

Mar grif, 't wier tinken west mei hjar :  
In oarenien naem hja for kar.

Ik ek foun dré in oarenien  
Ik haw der reiskes hinnedien,  
Mar 'k wist wol ho 't it komme scoe  
Det dy gjin Fetsje wêze koe !

Ho bloeide sont myn feintetiid ;  
De loft wie blau, de wrâld sa wiid !  
Ho glimken my de famkes ta,  
En alle fûgels songen sa !

Hwet lake roune Tet my oan !  
Myn each sei faeken : 't liket skoan,  
Mar 't herte spriek : det is net ret,  
Né Tetsje, dû bist Fetsje net !

Do seach ik *hjar*. Hwet langstmegloed  
Nei minnenocht striek my troch 't bloed !  
Mar o hwet rekke 't herte oerstjûr,  
*Hja* krige in oare Fetse oan 't snoer !

Ho blonk it iis by 't winterdei  
Do 't sy hjars hân yn mines lei,  
Do 't ik sa'n nocht en wille hie  
Om 't sy sa roerend by my wie !

Hwet wier 't my oan hjars side skoan,  
Hwet lei ik faeken mei hjar oan ;  
Mar do seach myn forstân sa swart :  
.... As det dyn Fetsje wirde moat ? ....

't Rekke út. Mar 'k hie gjin rêt noch dûr,  
Hwet wie det set my 't libben sûr,  
By wirk en rêt, by nacht en dei  
Wie 't Fetsje foar en Fetsje nei !

Hwet ljeafdegloed blonk yn hjars each,  
Do 'k letter hjar wer kuirjen seach,  
'k Tocht: jonkje wêz nou dôchs biret  
Oars fijucht det fûgeltsje oer it net.

It moantsje skynde sillichheit,  
It wyntsje patte it slûgjend reit,  
Ik lûk myn fanke oan 't herte sà  
En treau hjar mannich patsje ta.

Ik frege hjar om fêste trou  
En „ja !“ sei my hjars eageblau,  
Wy hawwe inkoar ús herten jown  
En sa hat Fetse Fetsje foun !

FETSE GREIDEMA.

## Maitiidsnacht.

Wy stienen oan it stille strân  
Myn hân omklamme in sêfte hân.

Do skynde it moantsje yn maitiidsnacht  
Dér laei de sé yn weagepracht.

Myn herte trille freegjensfol :  
Hwet ús dy weagen bringe woll' ?

„Dér leit it roeikjend boatsje ré  
Doarst' mei my oer dy wide sé ?

O lit ús farkje, — 't lûkt my sa !  
Togearre nei 't omfierrens ta !“

Hjars holke wie sa deun oan my :  
„Hwêrst' hinnetsjucht‘, ik bin by dy !“

A. WYBENGA.

**Krite Kampen en omkriten.** De Kriteskriuwer J. A. Schilstra skreau my: „In nije krite, en dat wol to Kampen! Oan nou ta gongen de Kampers nei Swol, mar ús tocht it wie folle better, dat wy yn Kampen in krite oprijchten. In gearkomste waerd hâlden ûnder lieding fen Dr. Nawijn, âld foarsitter fen 'e krite Swol. Saun Friezen en Friezinnen kamen op. It wie net folle, mar wy hawwe trochsetten en allegearre ús bêst dien om de folgende gearkomste hwat better bisocht to krijen. Dat lokte! Forlinen Tongersdei, de 8ste fen Hjerstmoanne wierne dêr 17 frouljue en manljue, hwerfen 14 lid waerden fen 'e krite „Kampen en Omkriten.“ Wy hawwe alle kâns, dat wy net lang op 14 ledene stean bliuwe scille, hwent as de studinten hwêrom komme, scil dêrûnder ek noch wol in inkelde wêze, dy 't him oanslút. It Bistjûr bistiet út de folgende hearen: Dr. W. Nawijn Ezn., foarsitter; J. A. Schilstra, skriuwer; Majoor R. Zuidema, skathâlder; Notaris I. Plantinga, bysitter; F. L. de Vries, bysitter.

**Krite Den Haech en omkriten.** De hear B. M. Alkema, skriuwer, Schuytstr. 80, stjûrde my de folgende brievekaert: Efkes de meidieling, dat wy hjir jisterjoune (29 Sept. 1911) stiffe hawwe de krite fen it Chr. Selskip for Frysketael- en Skriftenkennisse „den Haech en omkriten,“ ûnder lieding fen Ds. Bootsma fen Loosdunen en mei help fen Mr. Kalma, de hear Jelgersma, master Tjepkema en underteikene. Wy hawwe 66 meidoggers (seis en sekstich). De folgende gearkomste scil D.V. pleats hawwe yn Slachtmoeanne. It Bistjûr bistiet foararest út de foarneamde hearen.“

DOKKUM.

G. KAMERLING.  
Skriuwer.

## By it Stjerbêd fen in jongfaem.

Lang hie se sukkle, o lang hie selein,  
Nou leit hja úttard en wrakselte mei d' ein,  
Aenstons is 't ôfroun; op d' ôfpynge lea  
Leit de skyn fen it grêf, leit it byld fen de dea!

O, 'k ha hjar kend, yet sa derten as wij  
O, 'k ha hjar sjoen, as de maeitiid sa blij,

Laitsjend mei 't each, as de himel sa blau;  
Blonk in trien yn det each, it wie himelske dau.

Blier wie hjar antlit, sa rea en sa soun  
Gol klonk hjar sangkje, sa fiks en sa roun;  
En by de hope: „strak trou ik mei Lou“  
Gyng se boartsjend troch 't libben en wist fen gjin rou.

Mar lyk in roas, dêr 't in wjirrem oan slynt  
Langsum mar wis dôchs, fortarret, forkwynt:  
Sa wie ek Antsje hjar moaijens forgien,  
Yn hjar bêst kwoun hja wei, — en nou is it hast dien!

Nou is 't hast ôfroun; o lang hie selein,  
Paeden mei doarnen bistruid wie se tein:  
Lou, mei 't er mirk: 't rint ôf mei myn faem,”  
Sonder herte as er wie, hie in oaren-iën naem.

Nou is 't hast ôfroun, o lang hie selein!  
Sjuch net nei 't each nou sa tsjuster bislein  
Lang fiers to gleon, of — skriem mei om hjar smert!  
By it sjen wirdt it wé, o sa wé yen om 't hert.

Mar, — hwet in treast by 't bihyplike lot! —  
Moat se strak stjerre, den tsjucht se nei God:  
Hwent sy hat leard op de Heare to sjen,  
Mei de dea komt it lok: nei de Heit giet it bern.

Sjuch nou, der leit hja, in sike en yet ien,  
— „Jezus!“ — lêst wird yet, in snokje, en — 't is dien!“  
Mar op 'e troanje, fen meagerens swart  
Leit in glimk fen de frede, dy 't wenne yn hjar hart.

't Roaske hat pronke yn 'e maeitydske skyn,  
Mar 't is fortein mei de noardlike wyn,  
't Blêdtsje is forwaeid en it stâlke leit dôf —  
Mar is 't hjir ek forkwoun, 't bloeit yn 't himelske hôf.

FETSE GREIDEMA.

37 Dy 't heit ef mem ljeaf hat boppe my, is my net weardich; en dy 't soan ef dochter ljeaf hat boppe my, is my net weardich.

38 En hwa syn krús net opnint en efter my oangiet, is my net weardich.

39 Hwa syn siele fynt, scil hjar forlieze; en hwa syn siele forliest út myn oarsaek, scil hjar fine.

40 Hwa 't jimme oannimt, nimt my oan; en hwa my oannimt, nimt him oan dy my útstjûrd hat.

41 Hwa 't in profeet opnint yn de namme fen in profeet, scil it lean fen in profeet forkrijfe; en hwa 't in rjuchtfeardige opnint yn de namme fen in rjuchtfeardige, scil it lean fen in rjuchtfeardige forkrijfe.

42 En sahwa 't ien fen dizze lytsen allinnich in biker kâld wetter to drinken jaen scil yn de namme fen inlearling, wiswier siz ik jimme, hy scil syn lean grif net forlieze.

G. P. EN P. D. C.

### P s a l m XXIII.

Myn herder, God, wol my Syn skiepke hoede,  
Neat is my brek, my stipet jimmer 't goede;  
Hy wol my rëst yn gjérsgen weiden biede,  
My séftkes oan hiel stille wetters liede;  
Hy sêddet my, forkwikt aloan myn siele,  
Op 't rjuchte spoar maei 'k al Syn woldwaen fiele.

Al leit myn wei troch 't nearste tsjuster hinne  
My komt gjin kwea bineist, om 't Jo dêr binne,  
Jy stean my by, Jins heil is oer myn geaste,  
Jins stôk en stêf is my ta stipe en treaste;  
Jou mylde hân woe my de tafel spriede  
En my foar 't each der haters 't fiedsel biede.

Jo meits my bliid en salvje my de holle,  
Mynd beker is fen 't ealste oerrinnend folle;  
Woldiedichheit, nei 't Godlik wolbihagen  
En 't goede scil my nei wêze al myn dagen;  
Ik sjong Gods eare en maei it fêstlik leauwe:  
Ik scil yn 't hûs myns Hearen tiden bliuwe.

A. WYBENGA.

### P s a l m LXXXVI.

Heare, wol myn bea forheare  
'k Moat elinde en wé forneare,  
Pine docht myn herte sear,  
'k Ha gjin moed, gjin krêften mear,  
Lit my dôchs Jins ginsten fiele  
Warje my, forlos myn siele,  
Hwent Jy witte fen myn need,  
Help Jou tsjinstfeint út syn leed.

Ik fortrou, yn al myn lijken,  
Ienmul fêst Gods help to krijen,  
Dêrom rop, safolle ik mei  
Him om ginst, de hiele dei,  
Lit my dôchs net langer lije  
Wol myn britsen krêft fornije,  
Meits my bliid, forhûg my nou  
Hwent ik siikje it heil by Jo.

Jy binn' goed, en Jy forjowe  
Hjarren 't kwea, dy 't op Jo bouwe.  
Dy 't Jo oanropt, fêst fen sin  
Tsjûgt det Jo in helper binn';  
Harkje o Heare ek nei myn beden  
Steun me em Jou barmhertichheden;  
't Stiet mei my sa eang, sa slim,  
Merk dôchs op myn hease stim.

Ik bin 't wend, yn bange dagen  
Al myn leed Jo oan to dragen,  
Hwent Jy wit, hwet my fortret  
Jo forsmyt de bidder net.  
'k Bin gjin oare help fen noaden,  
'k Siikje it net by frjemde goaden,  
Sy kin gjin forlossing jaen  
Dieden lyk as Jins, net dwaen.

Al de Heidnen, fen Jou hânnen  
Makke en plante yn alle lânnen  
Bidde tel hjars skepper oan  
Bûgje djip hjar foar Jins troan,

En bringe oan Jou Namme d' eare  
 Jy binn great, dogg' wînd'ren, Heare!  
 Alle folken fielen det,  
 Jy allinne binne God !

Lear my fen Jou wize wegen  
 Stjûr my fen Jou wet de segen,  
 Wéz my sa oan 't herte nei  
 Det ik trou Jo freezje mei.  
 'k Seil foartoan mei 't hiele herte  
 Froalik ta Jou lof my sette,  
 'k Seil Jins Namme en Majesteit  
 Tankjend sjonge yn ivichheit.

'k Hjer Jo jimmer tank to sizzen  
 For de goedens, my bewezen,  
 's Fijans listen binn' net lokt  
 Ut it grêf ha Jo my rokt.  
 Hear! 'k sjuch op in nij tirannen  
 Rieden dwaen mei greatske mannen  
 Ta myn sielsfortriet en skea  
 For hjars eagen binn' Jy nea!

Greate God! Jy binn' lankmoedich  
 Jins genade is ryk oerfloedich.  
 Jins bihâld is my sa skoan  
 Op Jins wierheit kin ik oan;  
 Wol fen my it lijken keare,  
 Jow my treast en sterkens Heare!  
 Sjuch Jins feint barmhertich oan  
 En forlos Jins tsjinstfaems soan.

Set in teiken oan myn namme,  
 Meits myns haters plan biskamme  
 Bring 't godleaze folk 't yn 't sin  
 Det J' aloan myn Helper binn'!

A. WYBENGA.

## Gesang 13.

God spriek : (men skriuwe op berch en rots  
 Syn heil de greateste skat,  
 En elts dy 't ivich skrift dêr lëst  
 Moat leauwe oan 't wird fen God !)

„De sterkste rots fâlt wei yn grûs  
 De heechste berch forset  
 Mar myn genadeboun mei jim  
 Oprjuchten, skoddet net.

„Gean frij troch lôgjend fjûr en flam  
 Troch wetterstream en sé  
 En 't fjûr skansearet jim gjin wreit  
 En 't wetter mist Syn wé.

„Gean wol to moed troch 't yslik dal  
 Dêr 't skaed fâlt fen 'e dea,  
 Ik wit det paed, Ik bin by jim  
 Jim docht de hel gjin skea.

„Skien alles ûnderst-boppe fleach  
 En 't berchtme yn sé forsonk,  
 Waerd ierde ek út hjars baen forkeild  
 Ik bliuw jims feilich honk.”

Elts moat dit lêze as 't wird fen God  
 Dy 't nea Syn wierheit brekt  
 Hwent ivich as de himmel, is  
 Hwet God Jehova sprekt.

Gods boun stiet fêster as it swirk  
 Det is ús ien'ge rêt,  
 En wachtet Er, Hy wit Syn tiid  
 Hy komt, Hy komt foar fêst.

A. WYBENGA.

## De sillichsprekkingen.

---

Sillich binn', dy 't earm fen geaste  
Siikje nei in heech fûntwyk,  
Net op eigen deugd fortrouwé  
Inkeld op genade bouwe,  
Hjarres is Gods Keningryk.

Sillich hja, dy treurje en gûle  
Drôvich en binypt fen geast,  
Dy 't forslein binne oer 't forkearde  
Hûvrje en eangje fen it kweade,  
Hjarren wachtet rike treast.

Sillich is 't sêftaerdich herte  
Det God ljeavet, froed en from,  
Det fordraecht, honear 't forspein wirdt  
Bidl en segen jowt as 't slein wirdt,  
D' ierde wirdt syn eigendom.

Sillich sy, dy 't hongrje en longrje  
Nei de Heare en 's Hearen rjucht,  
Ringen wirdt hjars útsjuch bêdde  
Wirde s' út Gods hânnen sedde  
As hjars siel nei boppen tsjucht.

Sillich dy 't barmhertich hannelt  
Him aan 't leed gelegen leit,  
Oalje jiet yn woune en pine,  
Sa'nен scil ek ûnderfine  
Ivich Gods barmhertichheit.

Sillich binn' de fredemakkers  
Lit him grime yn lilkens sjen  
Sokken witt' dy del to setten,  
Frede ljuentet yn hjars herten  
'k Neam hjar Gods djûrljeave bern.

Sillich lotteren fen herte  
Dy 't hjars byld sjugge yn 'e bern  
Ienmul sjongt hjars suvre stimme  
Fen gjin leed, gjin kwea bidimme  
Hwent sy scill hjars Heilân sjen.

Sillich dy 't forfolge wirde  
Lyk as 't Godsfolk fen alear  
Om 't de minsken 't rjucht forskoppe;  
Yn it frederyk hijrboppe  
Is forslein hjars pine en sear.

Sillich binn' jimme as de minsken  
Ut Myn oarsaek jimm forjeijj,  
As hja mei hjar hûnjen stekke  
Leugens en kwealaster sprekke,  
Ik bleau jimme yn 't lijjen nei.

Forhûgje jim, wêz blide  
't Forfolgjen skaedt jim neat  
Hy, dy 't him for Myn Namme  
Net om gjin minsken skamme,  
Syn lean hirnei is great.

A. WYBENGA.

## I t b ê s t e.

---

„Hwet ha dy ljue út 't boerelân  
In lyts bigryp, in koart forstân,  
Gjin wûnder ek, hwet leare sjij  
Nou fen hjars bargen, skiep en kij?  
Ik haw it noait net fette,  
Ho kin in minsk syn sinnen dêr op sette?

„Det boerefolk, o waei noch ta  
Ik moat der insliks neat fen ha  
Sy bin sa stiif, sa staf, sa kâld  
Hjars breinkast is sa'n lytse wrâld,  
Hja mei, sa kin 't biteare  
As 't goed beslacht, hjarsels hwet kennen leare!“

Sa swetste Gjalt mei gânsk gebear  
Tsjin in, him fügelfrjemd minhear  
Mar dizze sei: „my tinct oars sa  
As 'j oan jyselme kennis ha  
Det mei it bêste h jitte!  
Ef scoene jo nòch better witnis witte?“

A. WYBENGA.

## M e m m e k l a c h t e.

---

O, 't dych my sear, do 't ik hjar dêr seach sitten  
By Teade, dy 't myns fankes ienmul wie,  
O 'k fielde djip in lijen, nea to mijitten,  
Ik moast dêr wei, ik wist mysels gjin rie,  
    't Wier eft myn hert bifrear,  
    O, 't dych my ynlik sear !

O, 'k tink sa faek yet oan dy mylde tiden  
Do 't Gels, ús Gels ís stipe en alles wie ;  
Ho tear sloech 't hert, sa blide mei de bliden,  
En hwet det bern in yngol wêzen hie !  
    Ho fleurich dych 't hjar taek,  
    Hwet tink ik det yet faek !

Hwet rynske dei, do 't hja mei Teade troude,  
Ho trille it lok hjar yn it Ijochtblauwe each,  
Ho suvre noct, do 't God hjars wente boude,  
En lytse Jip sa proes nei beppe seach !  
    Ho roun 't yn alles mei,  
    Sa man nich rynske dei !

Hwet waerd ús lok yn koarte tiid forroppe,  
Myn dochter yn fiif dagen soun en wei,  
O ja, sy sei: „ús Himmelheit hat kloppe !“  
't Joech salve wol, mar o, dy slach gyang nei !  
    Myn holle búgde yn drok  
    Ho ring forstau ús lok !

'k Sonk yn 'e groun, do 't Teade my forkleare :  
't Is thús sa kåld, sa iensum is 't me om 't hert,  
't Rint alles skrank, ik kin 't net mear forneare  
Ik ha myn sin wer op in froumins set,  
    Gebk hat my 't tawird jown !“  
    Do sonk ik yn 'e groun !

Ik gûlde it út: „kinstu nei sa'n lyts hoartsje  
Soks dwaen? Forgeatst myn bern?....“ , mem moat sa net  
Sneins sit ik thús, Jip is om 't hûs oan 't boartsjen,  
En deis! al 't wirk wirdt fen in frjemd' biret,  
    Mem, seegnje myn bislút !“  
    Ik die 't; mar gûlde it út.

Hwet scoe 'k d'r oan dwaen ? hy is gjin minne Teade,  
Syn hert is gol, mar 'k woe 't sa gau net ha ;  
Hong hy den mar sa'n lyts bytsje oan de deade ?  
Nou fierst him Gebk hiel oare tinzen ta ;

    O 't is om to forslaen  
    En 'k kin der neat oan dwaen !

O, 't dych my sear, nou seach ik Gebke sitten  
Oan Teade side en 'k wist mysels gjin rie,  
Myn each is rea, ik ha sà'n triennen litten,  
'k Ha winske det 'k yn 't grêf by Gelske wie !  
    'k Bin ôfmêd, 't is my near,  
    O, 't nypt my, ynlik sear.

Deselde stoel, dy 't ik myns bern foreare,  
Dyselde went, dêr 't hja hjars lietsje song,  
Detselde hert, det hjar syn trou forkleare,  
't Hjert alles Gebk, dy 't fanke byld forkrong ;  
    Ho nitelt my 't gefoel :  
    In frjemd' op Gelse stoel !

Ien treast bleau me oer : 'k seach Gels yn Jipke wezen,  
Det blomke scoe dôchs oan hjars mem wol tinke, nou ?  
Wie 't sa ? .... 't boi kaem oan beppe súntsjes sizzen:  
„'k Ha nije mem sa ljeaf !“ 'k rydboske, ik bleau  
    Dêr tiden fen oerstjûr :  
    Nou bleau *gjin* treast mear oer.

*Gjin* treast mear oer ? .... God ! bin 'k den sa fier sakke ?...  
'k Forgeat myn Heit om 't stjerren fen myn bern !  
'k Ha me yn myn leed oan opstân skuldich makke,  
Olear me yn 't slaen Jou Heitehân to sjen.  
    Jow my, det 'k nea forjit :  
    Us Gelske libbet yet !

A. WYBENGA.